

Oan de leden fan de Steatekommisje *Boarger en Mienskip*
Fan de wurkgroep *Oanfalsplan Frysk*

Ljouwert, 9 maart 2009

Underwerp: **Lêswizer**

Achte leden

De wurkgroep *Oanfalsplan Frysk* biedt jimme hjirby de **Lêswizer** oan by de

G e a r f e t t i n g

fan de diskusjes oer it
Oanfalsplan Frysk

op 29 oktober 2008 yn 'It Aljemint'

&

O a n s e t t e n

foar takomstich taalbelied.



1. Koart oersjoch fan wat foarôfgje.

It yn 2007 publisearre *Oanfalsplan Frysk* (de 2de útwreide printinge is fan 2008) wol in *Deltaplan foar it Frysk* biede nei analogy fan deselde namme út de skiednis fan de Wettersteat. In *Deltaplan Frysk* om ús minderheidstaal, it Frysk, in goede takomst hâlde te litten no't taaleroazje troch it opkringen fan oare talen de kwaliteit en it brûken fan it Frysk op de langere termyn bedriget. In besite oan in skoalplein mei boartsjende bern en harren taalgebrûk leart ús dat soks perfoarst gjin abstrakte 'teory' is.

Hoewol't foar it Frysk in protte te'n goede feroare is, moat men noch grutte soargen ha oer de takomstige posysje fan it Frysk as kultuer- en omgongstaal en as kultureel erfgoed. It Oanfalsplan wol ta op behâld en fuortsterkjen fan it Frysk as fanselsprekkende mûnlinge en skriftlike taal yn alle taaldomeinen binnen de Nederlânske en Europeeske ferhâldings. Dit op grûn fan de erkenning fan de Friezen as nasjonale minderheid en it Frysk as nasjonale minderheidstaal.

Hoewol't hjoed-de-dei de provinsjale taalpolityk benammen rjochte is op in net ferkearde ferliedingsstratezjy, moat daliks konstataarre wurde dat sa'n oanpak de ûngelikense taalmachtsferhâldings yn dizze provinsje net oantaast of ferhelpt.

Frysktaligen litte har taal mar al te gau farre (skriftlik ha se de taal amper leare mocht) op grûn fan opfettings oer fatsoen as resultante fan in jierrenlange diskriminaasje yn allerhanne situaasjes. Neist in fan –ûnderen-op oanpak (útnoegjend, fasilitearjend, stimulearjend) is in fan –boppen-ôf oanpak nedich yn de foarm fan wetten, maatregels, oarderings en subsydzjebetingsten om dy ûngelikense taalmachtsferhâldings trochbrekke te kinnen. In (taal)mienskip kin allinne florearje as alle leden (ynwenners fan Fryslân) harren dêrfoar ynsette en harren ferantwurdlikens nimme. **It Frysk yndied fanselssprekkend yn it ûnderwiis oant yn de soarch!**

As ferfolch op de presintaasje fan it Oanfalsplan yn jimme kommisjegearsit op 10 oktober 2007 hat de wurkgroep op 29 oktober 2008 in goed slagge ekspertmoeting organisearre. In tal fan jimme leden hat doe ek oan de diskusje meidien. De wurkgroep sjocht it ferslach fan dy dei as in earste stap om te kommen ta in ynfolling fan in *goed yntegraal taalbelied*. Yntegraal, omdat taalbelied Frysk, dat los stiet fan wat der bart yn oare maatskiplike sektoaren, te min resultaten berikke kin. Tink bygelyks oan it ûnderwiis dêr't de pedagogysk-didaktysk-iensidige klam fan de ynspeksje op it Hollânsk lein wurdt. Soks is tige skealik foar goed Frysktalich ûnderwiis en dat hat wer gefolgen foar it brûken fan it Frysk yn oare domeinen. Boppedat ropt dizze praktyk de saneamde 'eferstannen' earder op as dat it dy bestriidt en giet ferantwurde meartalich ûnderwiis sa as yn in trijetalige skoalle tsjin. Dy goarre hearsket ek yn de VVE-sektor dêr't by in organisaasje as Sardes allinne it Hollânsk it utgongspunt is. As bygelyks soarchferlieners, bestjoerders en rjochters it Frysk net (aktyf) behearskje en it sels net brûke of leare wolle hat soks syn wjerlach op it taalgedrach fan wa't yn in ôfhinklike posysje sit.

De wurkgroep hat de resultaten fan alle bydragen fan de ekspertmoeting ferwurke yn it taheakke rapport **Gearfetting fan de diskusjes oer it Oanfalsplan Frysk & Oansetten foar takomstich taalbelied** (fierder oanhelle as **Gearfetting**). It wurdt hjirby oanbean oan de Steatekommisje *Boarger & Mienskip* foar in diskusje oer in effektive yntegrale taalpolityk om sadwaande te kommen ta in folweardich plak foar it Frysk yn ús twatalige provinsje en ús meartalige maatskippij.

2. De ynhâld fan de Gearfetting

De ynhâld fan dit rapport jout in byld fan de diskusje oer it *Oanfalsplan* op 29 oktober 2008. De wurkgroep docht in sa folslein mooglik ferslach fan wat der yn de ferskillende sektorgroepen bepraat is en jout wer nedich in oanfoljende bydrage.

Haadstik 1 jout in oersjoch fan eftergrûn en de (tarieding fan de) diskusje fan de ekspertmoeting mei in tal wichtige algemiene konklúzjes.

De ferslaggen fan de sektor-of domeingroepen ha in plak yn **haadstik 2** krige.

Yn **haadstik 3** wurdt mei in trijetal kolommen wurke: de earste kolom jout de hjoeddeiske situaasje oan, yn de middelste kolom steane in stikmannich wichtige yntervinsjes, dy't fan belang binne foar politike beslútfoarming en de lêste kolom lit it perspektyf sjen fan in normaal plak fan it Frysk as 2^e rykstaal en omgongstaal yn ús provinsje.

Situaasje no	Wat der dien wurde moat	Wêr't wy hinne wolle

Yn **haadstik 4** wurdt de Gearfetting ôfsletten mei guon yntegrale bydragen fan sprekkers op de ekspertmoeting.

3. Lêsadvys

Foar de diskusje yn de steatekommisje is neffens de wurkgroep **haadstik 3** fan de gearfetting it wichtichst. Dêr binne de yntervinsjes foar de ûnderskate domeinen spesifisearre. Foar alle domeinen jildt dat minsken yn Fryslân sûnder behindering sawol mûnling as skriftlik it Frysk brûke kinne moatte. Om dat te berikken folget hjir in oersjoch fan de wichtichste yntervinsjes, dêr't yn de kolom *Wat der dien wurde moat* gebrûk fan makke is:

- effektyf belied op it mêd fan ûnderwiis, (wer)oplieding en tafersjoch dêrop,
- projekten,
- sertifisearring,
- beneamings- en funksje-easken,
- it sichtber meitsjen fan it Frysk,
- it ynsetten fan kaaifigueren foar it promoaten fan it Frysk,
- it sluten fan konvenanten oer taaloarderings,
- middels foar mear Frysk yn de provinsjale blêden,
- finansjele ympulzen,
- ûndersyk,
- foar *Omrop Fryslân* in folweardige programmearring foar de twadde rykstaal.

4. Taalbelied

Us algemiene konklúzjes en oanbefellings oangeande it provinsjaal taalbelied binne dan ek:

1. In provinsjaal taalbelied mei njonken in útnoegjende ek in foarskriuwend strategjy foar it Frysk yn de ûnderskate domeinen hantearje lykas dat foar it Hollânsk/ Nederlânsk (ek) it gefal is.
2. It Frysk soe in gruttere sichtberens yn it iepenbiere libben krije moatte. Provinsje, gemeenten en dekonsintrearre rykstsjusten jouwe dêrby it goede foarbyld.
3. Der soe in soad omtinken oan de jongerein jûn wurde moatte mei as spearpunt in ûnderwiissysteem dat alle learlingen it Frysk mûnling en skriftlik bybringt foar effisjint gebrûk yn alle domeinen.
4. It ynstellen fan in "Sintrum foar Fryske Taal en Kultuer" om it Deltaplan foar it Frysk ta in goed ein te bringen (Sjoch 3.8 yn Gearfetting).
5. De provinsje set him struktureel yn om it ekonomysk en finansjeel belang fan it Frysk te fersterkjen.

De wurkgroep is fan betinken dat it mei minder net ta kin.

De wurkgroep Oanfalsplan Frysk